

FRYSLÂN
BOPPE



Handgemaakte
pompeblêdsjes
in goud en silber

Te koop in onze
winkel in Joure of via
pompeblêdsjes.nl

MIDSTRAAT 1, JOURE WATZEVANDERWAL.NL

2022
2023


RYSK SELSKIP SWOL

Oan

Jiergong

51

Lede-administraasje: Brethouwerstraat 15,
8043 AZ Zwolle



oprjochte 8 febrewaris 1899



Vanaf januari 2023 geopend!

- ✓ Grand Café met heerlijke gerechten.
- ✓ Zoveel mogelijk gebruik van lokale producten
- ✓ Diverse vergaderruimtes met de beschikbaarheid van moderne apparatuur
- ✓ Ruime mogelijkheden voor feesten en partijen voor kleine en grote groepen



Grand Café Thuis bij Kappers
Kerkstraat 7
7722 LR Hoonhorst

info@thuisbijkappers.nl
www.thuisbijkappers.nl
0529-401281

BESTJOER

foarsitter	Jan Bosgraaf	Smitserf 42 7951 JG Staphorst 0522 464718	janendjoke@home.nl
2° foarsitter / 2° ponghâlder	Henk Monkel	Gentiaan 23 7721 HA Dalfsen 0529 433175	henmmonkel@kpnmail.nl
skriuwer	Jolanda Lootens	Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066	jolandalootens@live.nl
ponghâlder	Sjoerd Bakker	Koelmansstraat 10 7722 LX Hoonhorst 0529 401683	sdabakker@outlook.com
2° skriuwer	Jan-Tjerk Kuipers	Mandenmakershoek 5 8131 CZ Wijhe 0570 522329	janntjerkkuipers@gmail.com
lid	Annet Nieuwenhuis – Kokké	Schuttevaerkade 103 8021 HD Zwolle 038 4537836	annetnieuw@planet.nl

Lede-administraasje

Jolanda Lootens, Brethouwerstraat 15 8043 AZ Zwolle 038 4200066

IBAN rekkennûmer


NL95 RABO 0377 3373 66 op namme fan Frysk Selskip Swol

KONTAKTPERSOANEN

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Elburg	frou L. van der Graaf – Bosje	Paardebloem 3	0525 681135
Hattem	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou J. Wiegersma	Nijverheidsstraat 11	038 3311670
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931

Zwolle

Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. Visser	Eikenlaan 12	038 4548808
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou J. Lootens – Berg	Brethouwerstraat 15	038 4200066
Westenholte en Spoolde	frou A. Wieling - Joukema	Voorsterweg 42 – 301	038 4218525
Wipstrik	frou W. de Vries - Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562





**Opjefteformulier foar it Jubileumfeest FBoU 100 jier
op sneon 16 septimber 2023 yn SIO te Swol.**

Jawis, ik / wy komme nei it Jubileumfeest fan it Boun

Namme 1 :

Namme 2 :

Adres :

Wenplak :

e-mailadres :

Ik / wy komme:

0 de hiele dei kostet € 25,-- p.p.

0 allinnich moarns (mei lunsj) kostet € 15,-- p.p.

0 allinnich middeis (mei waarm miel) kostet € 20,-- p.p.

0 evt. dieet-winsken op medysk advys:

Foar 1 maaie 2023 opjaan by ús skriuwer Jolanda Lootens.

- Dêrta it ynfolde formulier stjoere oan ús skriuwer Jolanda Lootens, Brethouwerstraat 15, 8043 AZ Zwolle.
- Of in mail mei de namme(n) ensfh. stjoere oan jolandalootens@live.nl of frykselskipswol@gmail.com.

EN TINK DER OM !!! it jild **NET** oan it Frysk Selskip Swol betelje, mar – graach tagelyk mei de opjefte – oermeitsje op rekkennûmer **NL94 INGB 0 0003 200 77** fan it **FBoU yn Hoarn** mei fermelding fan de **namme** en **FBoU100**.

It Boun moat fier fan tefoaren witte hoefolle minsken der om ende by komme sille. Wa't dan dochs net komme kin en foar 1 septimber ôfseit, kriget it jild werom. Fan 1 septimber ôf wurdt net werom betelle.



IUBILAEUS


Nee, dit is gjin typflater, de tekstferwurker is ek net op 'e rin en ik haw ek net te djip yn it gleske sjoen dat ik mei dûbelde tonge praat. It wurd bestiet echt. Mar dan yn it Latyn. Oerset yn it Frysk is it: **JUBELJIER**.

Dat soene we fan it ôfrûne winterskoft wol sizze kinne. Nei't yn de twa foarôfgeande winterskoften troch de Koroanamaatregelen 10 kear in middei of jûn net trochgean koe, giene dit jier alle aktiviteiten troch; de ledegearkomste, de tsjerketsjinst, de middei mei Noordenbos & Ko, it krystmiel, de nijjersmiddei mei (folks)ferhalen fan Sietske Ypenga - Keulen en de middei mei it selskip Fryaz. No, dan hawwe we dochs wol reden om te jubeljen. Al dogge wy, as Friezen, dat ek wer net sa gau; 'lûd jins freugde uterje', wat jubelje neffens it Frysk Hânwurdboek betsjut. Dêr binne wy te evenredich en te beskieden foar. Wy binne no ienris gjin loftfytsers. Wy bliuwe leaver mei beide fuotten op 'e grûn stean. Wy binne minsken fan doch mar gewoan, dan dochst al gek genôch. Al meie wy der bêst in bytsje grutsk op wêze, dat wy sa'n moai winterskoft hân hawwe. En djip yn ús hert binne we dat faaks ek wol.

En al duorret it noch in healjier, wy kinne útsjen nei in echt JUBELJIER. It winterskoft 2023-2024 begjint op sneon 16 septimber 2023 mei it jubileum ta gelegenheid fan it 100-jierrich bestean fan it Frysk Boun om Utens. It programma stiet op de middenside. En op freed 15 maart 2024 fiere wy it 125-jierrich bestean fan it Frysk Selskip Swol. Nei alle gedachten mienskiplik mei it Frysk Sjongkoar Swol, dat al 20 jier bestiet. Wat is it dochs moai, dat der sa'n goede gearwurking tusken it koar en it selskip bestiet. It is lykas in houlik; 'de wil om mei syn twaen datjinge ta stân te bringen, dat mear is as hja dy it ta stân brochten.' Dy filosofyske wiisheid ha'k net fan mysels, mar is fan Friedrich Nietzsche. Tusken dy twa bjusterbaarlike, feestlike barrens yn hawwe wy op 27 oktober ús oanklaaide ledegearkomste, yn desimber it krystmiel en op 19 jannewaris 2024 de nijjersmiddei.

In moaie, sinnige en waarme simmer tawinske.

Jan Bosgraaf (foarsitter)



En oant sjen!

FRYAZ

Sneontemiddei 11 maart 2023 sieten der sa'n 40 leden yn De Weijenbelt by it optreden fan it selskip FRYAZ. Mei dit optreden waard it winterskoft 2022-2023 ôfsluten.

Fryaz is in hiel âlde namme foar de Friezen, lei Gjalt de Jong út. Gjalt is de ferhaleferteller fan de groep en hy sjongt en spilet op 'e lûkpûde Fierders bestiet FRYAZ út Ietsje Meems (fioele en sang), Paul Siemensma (akkordeon en sang) en Kees Hofstra (gitaar en sang). Gjalt de Jong (ek bekend fan syn ferslach fan it skûtsjesilen) fertelt it ien en oar oer in grut ferskaat oan ûnderwerpen; it bestean fan de ierde fan it superkontinint Rodinia (1100 oant 750 miljoen jier lyn) ôf, oer desoxyribonecleïnesoer oftewol DNA, de klimaatferoaring, it Frysk wêzen en de Fryske frijheid, de Fryske en Ingelske taal, oer relaasjes en mear saken dy't hjoed-de-dei spylje. Mar wa't no tinkt, dat it in ferfeelsome middei wie mei dy drege ûnderwerpen, dy hat it goed mis. It wie krekt oarsom, in tige fleurige en gesellige middei, om't Gjalt de ûnderwerpen mei in grutte knypeach op it aljemint brocht en troch de lieten dy't by dy ferhalen pasten. Lieten mei hiel moaie teksten, dy't spesjaal foar it programma skreaun binne. En in pear bekende(re) lieten, lykas oer it prutsen mei it DNA; "dan krijt sels de groatste krimineel in kien as in juweel", in liet yn it Stedsfrysk. Of oer *De ko fan Sonnema* dy't berenburg yn't jaar hat. Op de meldij fan *Whisky in the jar* fan de Dubliners. Dit nei oanlieding fan in ferhaaltsje oer Saint Patrick's Day, de nasjonale Ierske feestdei. In moaie oanrin foar FRYAZ om ek in pear Ierske lieten te sjongen. Dy hawwe se as de groep 'Gaeldr' ek op it repertoire. Dat it Frysk útskakit nei it Ingelsk, is neffens Gjalt de Jong net wier. It is krekt oarsom; it Ingelsk skakit út nei it Frysk. Hiene wy, as Friezen, yn 1066, doe't Ingelân troch in leger fan Normandyske, Bretonske, Flaamske en Frânske soldaten ferovere waard, better op 'e slach past, dan hie Frysk no de wrâldtaal west, woe Gjalt bewearre. Oer in knypeach sprutsen! It liet dat by dat ferhaal past is 'Skrale treast'. Lykwols hat it Frysk wol te lijen fan it Hollânsk. Tiidwurden wurde gauris omdraaid. Dan hearre we net dat wy 'eat dwaan wolle', mar yn stee dêrfan 'eat wolle dwaan'. Dat heart nearne nei. Dat in minske net mear nedich hat as 'In gitaar, iten en klean' waard ek besongen. Ek in ballade oer 'Jetze fan Wâldsein' en oer 'De man fan Aaltsje en Gryt' In liet oer in seeman dy't yn't âlde Fryslân in leaflik famke fûn. It rûn allegearre flot fan 'e tried. Oan Ietsje, Gjalt, Kees en Paul wie te sjen, dat se der sels ek in soad nocht oan belibben. Sa waard it in tige fleurige middei. As tank wiene de boskjes kleurrike foarjiersblommen dan ek alhiel op syn plak.

(JB)



piano's - vleugels - orgels - kleininstrumenten
stemmen - onderhoud - verhuur

DE GRAAF MUZIEK BV

hanekamp 2-8, zwolle, telefoon (038) 453 55 87

PRIVACYWETJOUWING

Yn it ramt fan de AVG (Algemene Verordening Gegevensbescherming) binne we ferplicht belanghawwenden der op te attindearjen hokker gegevens wy fan harren hawwe, mei hokker doel, hokker bewartiid en wa't dêr ynsicht yn hat.

Op dit stuit bewarje wy de neikommende gegevens fan ús leden:

- Foarnamme of -letter
- Achternamme
- Adres
- Postkoade en wenplak
- Tillefoannûmer
- E-mailadres

Wy brûke de gegevens allinnich om kontakt mei jo op te nimmen yn it gefal fan need, foar it besoargjen of tastjoeren fan de krantsjes, nijsbrieven en of oare berjochten. De gegevens wurde **nea** sûnder tastimming oan treden oanbean. Dizze gegevens binne allinnich yn te sjen foar bestjoersleden en wurde ferwidere út it systeem op it stuit dat men opseit of komt te ferstjerren. By de ynfiering fan de AVG hawwe alle leden dêr tastimming foar jûn. De AVG skriuwt lykwols foar, dat elk dêr jierliks tastimming foar jaan moat. As ien fan de leden dêr no al beswier tsjin hat, lit ús dat dan witte.

(JB)

FOLKSHEGESKOALLE SCHYLGERALAN



Deunby it Noardseeestrân en Wrâlderfgoed it Waadseegebiet leit de Folkshegeskoalle op in sintraal plak op Skylge, yn de Hoarnske bosk. De akkommodaasje is boud op de fûneminten fan de Atlantic Wall. De bunkers út de Twadde Wrâldoarloch hawwe no in funksje as sliepseal of ytseal. Goed tritich jier lyn is 'de Brêge' (foto) der by boud.

Fan âlds is de Folkshegeskoalle in sintrum fan moetsjen, besinnen en kultuer. Neist in edukatyf programma, biedt de Folkshegeskoalle in perfekte akkommodaasje foar in skoalreise, famylje- of bedriuwstapke of gewoan in noflike fakânsje.

Yn 2023 is der wer in grut ferskaat oan alderhande kursussen: skilderjen, byldhouwe, mandela tekenje, dûnsje, sjonge, skriuwe, Fryske taal, besinning lykas yoga, meditaasje, mindfulness en Zen, natoertochten, ensafuorthinne.

Wa't mear witte wol oer alles wat er op 'e Folkshegeskoalle Schylgeralân te rêden is, kin terjochte op webside www.folkshegeskoalle.fr

WINTERSKOFT 2023 - 2024

It liket noch hiel fier fuort, mar de piketpealtsjes foar it winterskoft 2023-2024 binne al slein.

- Freedtemiddei 27 oktober sette we yn De Weijenbelt útein mei de ledegearkomste en fertelt Klasina Seinstra oer har ûnderfiningen foar, tidens en nei ôfrin fan har alvestêdetocht op 4 jannewaris 1997, dy't se yn 7 oeren, 49 minuten en 11 sekonden winnend ôfsletten hat.
- Yn desimber (datum en plak wurde socht) is der wer in krystmiel.
- Freedtemiddei 19 jannewaris 2024 hâlde we in nijjersmiddei. Foar de ynfolling binne we op syk nei in moai programma.
- Freedtemiddei 15 maart 2024 betinke en fiere wy it 125-jierrich bestean fan ús selskip.

SET DE DATA YN IT BUSBOEKJE OF DE SNOADFOAN !



yn it Friso Theater te Ljouwert

De Tocht is in spektakulêr sjongspul oer de legindaryske Alvestêdetocht, dy't ferneamd is om syn utersten. Fan de waarmte en it feest yn de Fryske doarpen en stêden oant de kjeld, de iensumens en de wurgens op de 200 kilometers iis tusken dy doarpen en stêden. De op rock oriïntearre muzyk slút op dat kontrast oan.

De Tocht is it ferhaal fan fiif eardere iisfreonen, dy't troch rûzje en ôfgeunst út inoar groeid binne. Yn harren jongere jierren hawwe se inoar lykwols tasein, dat as de alvestêdetocht ea komt, sy dy dan mei-inoar útride sille. Mar as it dan einliks heve sil, blykt dat ien fan harren in geheim mei him meidraacht. Ynienen stiet der folle mear op it spul, dan it heljen fan it krúske. Is harren bân noch sterk genôch? Of ferlieze de freonen op de Bonkefeart mear as harren leaf is? De Tocht is in yndrukmeitsjend muzikaal teäterbelibjen oer, passy, trochsette en net opjaan, fan kar meitsje en ferienigje. In ferhaal fan fallen en opstean, mei-inoar en ek allinne. De Alvestêdetocht as metafoar foar it libben. Mei muzyk en lietteksten dy't yndruk meitsje en in ôfgrysluk moai dekôr fan de Fryse alve stêden.

Yn Ljouwert wurdt foar dizze produksje spesjaal in nagelnij theater út 'e grûn stampt, mei in 360° iisflie fan 2000 m² en plak foar in lytse 1500 besikers, dy't fan 15 septimber o/m 19 novimber, mei de spilers as û.o. Nandi van Beurden, Bertrie Wierenga, Wolter Weulink en Thijs Meester de 'Tocht der Tochten' belibje.

It wichtichste doel fan De Tocht is om de magy fan de Alvestêdetocht fuortlibje te litten yn it oantinken fan kommende generaasjes. Want de Alvestêdetocht is mear as in útsûnderlike wedstriid op redens. It is in ûnderdiel fan ús Fryske en ek Nederlânske identiteit. It makket in lyts stikje út fan wa't wy binne en wêr't we mei-inoar troch ferbûn binne.

Sjoch foar ynformaasje op <https://www.theater.nl/musical-de-tocht>

De fûgel fljocht

Somstiden tinkst: 'hoe komt it ea
as alles stil, sa deastil komt te stean?
Wêr kin ik no noch hinne gean?
De wrâld sit ticht, sa wie it nea.'

*De fûgel fljocht, op nei it ljocht.
Ienris fynt hy wat hy socht.
Sa skynt de sinne ek foar dy
Want it wurdt ljocht, ja it wurdt ljocht
en it wurdt ljocht altyd wer ljocht
A-ah, a-ah, a-ah*

Dyn langstme siket stil har wei:
In aai, in glimk of samar ris in út.
Do fieltst dy leech, sjochtst der nei út:
Wannear komt no dy nije dei?
(Refr.)

Hâld dan mar moed, it komt wol goed
Oan dizze tiid komt ienris grif in ein
De fûgel hat syn flecht ek flein
al wie't in tocht yn grutte noed.
(Gjin refr.)

- Muzyk: *I cried for us*, Kate & Anna McGarrigle, *Love over and over*, 1982
- Muzyk refrein en tekst: Eize van der Sluis 2 (jannewaris 2021)

AS IT TIJ FERRINT ...

'As it tij ferrint, moat men de beakens fersetse.' Dizze siswize jildt ek foar it Frysk Selskip Swol. Want it sprekwaardlike tij ferrint foar ús selskip al jierren. Sân jier lyn hiene wy foar de lêste kear in jûn yn Odeon mei de foarstelling 'Feteranen'. Yn de jierren 80 en 90 fan de foarige iuw en ek noch oant en mei 2008 hâlden we elts winterskoft 4 jûnen yn Odeon. En hiel lang waard der nei ôfrin fan de jûnen ek noch dûnse. Jûnen mei soms grutte en djoere foarstellingen. It koe net op!

Mar tiden hawwe tiden. Nei't we yn 1988 it 500^{ste} lid ynskreaun hiene, rûn it ledetal linkendewei werom. Op dit stuit hat it selskip noch 102 leden. Dan kin men op 'e fingerseinen wol neigean, dat der jierliks gâns minder jild yn't laatsje komt as eartiids. Bûtendat moat der aloan mear jild op it kleed komme foar foarstellingen, sealhier ensfh. Dan keart de finansjele wâl fansels it skip mei ambysjes.

It earste beaken dat ferset is, wie it ôphâlden mei it dûnsjen nei ôfrin. Yn it plak fan ien fan de fjouwer jûnen yn Odeon kaam it krystmiel yn Urbana. Wer wat letter kaam der yn stee fan in djoere jûn in nijsgjirrige nijjersjûn dêr't we minder jild oan kwyt binne. We namen ôfskie fan Odeon en fûnen yn Urbana (en no yn De Weijenbelt) in goed alternatyf, mei sa no en dan ek noch wolris in bysûndere foarstelling dy't mear kostet. Tink bygelyks oan 'WAT SOESTO!' mei Freark Smink en Klaasje Postma. Yn stee fan de ynlage elts jier te ferheegjen, wurdt út en troch 5 euro tagong frege. De beakens dy't we as lêste ferset hawwe, binne de ledegearkomste en de tsjerketsjinst. Troch de Koroana-beheiningen waard de ledegearkomste it ôfrûne winterskoft keppele oan de earste middei. It doel is om dat kommend winterskoft wer te dwaan. Fan de jûnen binne we om oare redenen sa folle mooglik ôfstapt. Nei de tsjerketsjinst yn april 2022 is besletten, dat we der mei ophâlde. Der is sa'n bytsje flecht op 'e koai, dat we mei goed fatsoen gjin dominy mear freegje kinne om foar in pear sinten nei Windesheim te kommen.

Wy binne lykwols fan doel om it kommende winterskoft 2023-2024 gjin beaken te fersetten. Bûten it jubileumfeest fan it Frysk Boun om Utens (*middenside*) sitte der foar ús 4 aktiviteiten yn it fet. En we hawwe ek net it plan om de ynlage foar dat winterskoft te ferheegjen, mar, foar wa't der oan meidocht, in bydrage te freegjen foar it krystmiel en ús eigen jubileumfeest op 15 maart 2024. Dêrmei sille we de beide eintsjes net oaninoar knoopje kinne, mar wy hawwe noch wol wat efter de hân, dêr't we in berop op dwaan kinne. Dan sjogge we nei ús jubileumjier wol, hoe't we mei-inoar fierder gean en oft der op 'e nij beakens ferset wurde moatte.

(JB)
-9-

As **Freon fan Omrop Fryslân**:

- Stypje jo Omrop Fryslân troch projekten dy't op inisjatyf fan de Freonen dien wurde.
- Krije jo ynfomaasje oer aktiviteiten fan de Freonen fan de Omrop.
- Krije jo it ledeblêd 'Each & Ear' en/of nijsbrieven digitaal of mei de post tastjoerd.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- jiers.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180 of in e-mail stjoere nei freonen@omropfryslan.nl
Oanmelde fia de webside www.omropfryslan.nl/freonen kin ek.



It Nijs
Wrâldwiid nijs yn it Frysk

'**It Nijs**' is it digitale dei-/wykblêd fan de Ried fan de Fryske Beweging. Op de webside www.it.nijs.frl stiet in hiel soad ynformaasje en nijsgjirrige ferhannelingen oer ûnderskate ûnderwerpen.

Wrâldnijs, nijs út de Benelûks en út Fryslân. Allerhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei petearen, kollums en skôgingen), sport, ferdivedaasje en it waar. En alles yn it Frysk.

Mear as 6.000 minsken lêze 'It Nijs' al. Alleast, se krije it eltse wike oer de mail tastjoerd. Makliker kin it net. Wa't der ek niget oan hat, kin him har opjaan fia de webside www.itnijs.frl. It kostet fierders neat en is tige de muoite wurdich.



Al **20 jier** sjongt it **Frysk Sjongkoar Swol** mei in soad nocht en wille moaie Fryske lieten.

Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).
Elts dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

*It lot fan Tea*

*'k Wol it lot fan Tea besjonge;
Stoerder fisker wie der net.
Hy ferlear, in foege jonge,
Oan de Sudersee syn hert.
Sudersee, dyn skomjend wiid,
't Is in sang út âlde tiid.*

Fedde Schurer

Sa no en dan fersoarget it koar in optreden en ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in âldereinhûs earne yn Fryslân. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige simmermoeting.

Al dy aktiviteiten, mar boppe-al it sjongen, ferbynt de minsken. Sjongen en muzyk makket wat los yn de minske. It rekket gauris in gefoelige snaar. En it makket minsken fleurich. Dat jildt net allinne foar de sjongers mar likegoed foar de taharkers.

Kom dêrom earst mar ris nei in repetysje. Jo krije der grif gjin spyt fan. En it jout fierders gjin inkelde ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma	foarsitter / skriuwer	0523 – 656802
Jolanda Lootens	ponghâlder	038 – 420066
Jelma Wieggersma	diriginte	038 – 3311670



Utnûging

Op **sneon 16 septimber 2023** betinkt en fiert it Frysk Boun om Utens it 100-jierrich bestean.

Leden fan de 12 oansletten krite wurde fan herte foar dit feestlik barren útnûge.

Wêr? Wyksintrum SIO, Thorbeckelaan 2, 8014 AZ Zwolle (Ittersum)
Hoe let? Ynrin fan 10.00 oant 10.50 oere. Kofje / tee mei oranjekoeke stiet ree.

It feestprogramma foar dizze dei sjocht der yn grutte halen sa út:

Moarns:

- wolkom en de iepening mei it sjongen fan it Frysk folksliet
- Wiebe Wieling (foarsitter fan de Koninklijke Vereniging De Friesche Elf Steden) komt as gastsprekker
- de Kommissaris fan de Kening yn Fryslân, de hear Arno Brok, komt ek
- der wurdt in jubileumboek presintearre
- in foar dizze gelegenheid skreaun jubileumliet wurdt songen
- Grytsje Kingma en Rob du Jardin trede op
- en allicht is der noch in ferrassing

Dan is it tiid foar de lunsj.

Middeis:

- sjongt it Grut Frysk Bounskoar û.l.f. Jelma Wiegersma moaie Fryske lieten
- is der in optreden fan de ferneamde Fryske trûbadoer Gurbe Douwstra
- en in spesjaal jubileumprogramma fan it 'Hymphamp Theater'

De dei wurdt ôfsluten mei in drankje mei in hapke en in kâld en waarm buffet.



Opjaan foar 1 maaie 2023 by ús skriuwer Jolanda Lootens. It opjefteformulier stiet op side 12.

EN DER IS IN GRUTTE FERLOTING MEI IN SOAD MOAIE PRIZEN!!!